

Antwurden Staveringsopdracht A 28 jannewaris 2017

A. De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.

Utsûnderingen binne:

- 't, 'e, 'n yn stee fan it, de, in of oarsom.
- ynterferinsje-Frysk (r. 3) mei ek skreaun wurde as ynterferinsjefrysk.

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerpe- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene. As allinnich itselde wurd (+ meartal, ôflieding en gearstalling, b.g. hounhounen-hountsje-hounehok) twa kear of faker ferkeard skreaun wurdt, wurdt dat mar ien kear ferkeard rekkene. As deselde flater ek yn in oar wurd makke wurdt (b.g. groun), dan wurdt dat twa kear ferkeard rekkene. As b.g. 'Hy hat leard' twa kear of faker ferkeard skreaun wurdt (b.g. Hy hat leart), is dat mar ien kear ferkeard. As deselde flater ek yn in oar tiidwurd makke wurdt (b.g. Hy hat telt), wurdt dat twa kear ferkeard rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

B. Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.

1. a	5.	a	9.	b	13.	b
2. b	6.	c	10.	c	14.	c
3. b	7.	a	11.	b	15.	b
4. c	8.	c	12.	a	16.	a

By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

C. Ien punt foar elke goede ferbettering. As fêtprinte wurden feroare wurde, kriget de kandidaat dêr 0 punten foar (b.g. 'soard' yn sin 1 wurdt: protte), ek al binne se goed skreaun. Der wurde yn dat gefal dus gjin punten ôflutsen. Foar it feroarjen fan net-fêtprinte wurden (b.g. 'moochlikheid' yn sin 5 wurdt: kâns) wurde wol punten ôflutsen, mar allinnich as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters. Mei-inoar op syn heechst 20 punten.

1. Noch altyd binne der in **soad** (1) doarpen yn **Nederlân** (1) dêr't ynweners in protte **swierrichheden** (1) ûnderfine mei **moby** (1) skiljen.
2. De **ôfrûne** (1) **jierren** (1) binne der mear **stjoermêsten** (1) pleatst om derfoar te **soargjen** (1) dat **oeral** (1) in goede ûntfangst is.
3. It **persintaazje** (1) Friezen dat Frysk prate en ferstean kin, **bliuwt** (1) gelyk, wylst **hieltiten/hieltiden/hieltyd/hieltiid/hyltiten/hyltiden/hyltiid/hyltyd** (1) mear **minsken** (1) Frysk lêze en skriuwe kinne.
4. Der is in **nije** (1) **subsydzjeregeling** (1) dy't **Fryske** (1) ûndernimmers **stimulearret** (1) om **ynternasjonaal** (1) saken te dwaan.
5. Mei dy regeling wolle se harren de **mooglikheid** (1) jaan om **grinzen** (1) te ferlizzen.

By C wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 14 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.